



STIFTINGSSTIEN



Toer fan de Sint Martinustsjerke yn Wurdum Fr Tongersdei 12 desimber 2013

Untbleating

Op tongersdei 12 desimber om 20.00 oere hat boargemaster Ferd Crone de stiftingsstien fan de Sint Martinustoer yn Wurdum ûntbleate.



De boargemaster hâlde in koarte taspraak der't hy de inisjatyfnimmers fan dit barren yn frege om by him te kommen. Sy koene goed mei helpe mei de ûntbleating



It resultaat waard mei elkoar besjoen en dat koe goed besjen lije.



De Stien

De oarspronklike stien is ferlern gien, mar doarpshistoarisy **Jaep Dykstra** en **Jochum Hoekstra** hawwe der oan 'e hân fan âlde foto's in rekonstruksje fan makke. Ek hawwe hja har wakker te war set om it sa fier te krijen, dat de stien der ek werklik kommen is. Under oaren is der in ynsamelingaksje op tou set om it finansjeel rûn te krijen.

It doarp is wiis mei dizze aksje.

Utlis:

Oant 1680 hie Wurdum 2 tuorren, de âlde westlike toer is doe ôfbrutsen en ferkocht en de Wurdumers moasten it mei 1 dwaan. Dat levere ús de namme Tuorkefretters op.

125 jier letter, yn 1805 wie de oerbleaune toer sa min dat der yn fersjoen wurde moast. Wurdum sûnder toer dat koe fansels net.

Der kamen trije plannen

1. de âlde toer opknappe,

2. de âlde alhiel ôfbrekke en in koepeltsje midden op it dak,

3. of ôfbrekke en in nijen ien der foar yn it plak

It lêste wie it djoerste, mar doch keazen de tsjerkfâden dêr foar.

Hoe min de toer wie docht bliken út it folgjende, ik lies yn it Tsjerkerekken boek by 8 july 1805 by betelle oan: *Dirk Boukes wegens 35 maal rûndom de Buren tromslaan tot aankondigen van den tijd van de Godsdienst, bij gemis aan klokluiden*. Al in skoft lang dus doarde men de klokken net mear te liden

Men pakte it karwei fiks oan en yn 1806 wie de toer klear en no kinne wy noch altyd grutsk wêze op ús manskje, moaie toer.

II

Der kaam fansels ek in **earste stien** yn. En dy stien no is by de restauraasje yn de jierren 80 wei wurden, hoe is 't mooglik. In tsien jier lyn kamen Jochum Hoekstra en ik op it idee de stien wer op te spoaren. Sels Omrop Fryslân kaam dêr oan te pas, mar gjin stien te finen. Doe kaam it idee by ús boppe om dan mar te besykjen om in nijen ien te pleatsen.

Bij de firma Jorna fertelden se ús, dat dat in djoere oangelegenheid wie, te mear om 't wy de oarspronklike letters der beslist wer op ha woenen. Want gelokkich beskikten wy wol oer in dúdlike foto fan de âlde stien. De âld eigener fan de fa Jorna, de hear **Ton Hutting** bea útkomst, hy, woe yn syn frije tiid de stien wol meitsje foar 2.000 euro. Hulde oan dy man. !!

Jochum en ik hawwe doarpsbelang doe oan west, dy hat doe in jildaksje holden en al gau wie der foldwaande jild.

III

En no de stien sels of leaver it opskrift: Jim ha der oplêze kinnen: Dees Tooren is gesticht in't jaar 1806 onder het bestuur van Andele Hendriks en Ente Ymes, kerkvoogden en Petrus Bruining, Predikant te Wurdum, Gerlof Alberts Hooghiemstra heeft op den 4 April in den ouderdom van 2 ¼ jaar de eersten steen gelegd aan dese toren. De stienhouwer moast foar stien en beletterjen 19 gûne en 16 stoeren ha.

III

No wat oer de **nammen** op de stien: Ds **Petrus**

Bruining wie yn Wurdum kommen yn 1775. Dat wie yn de tiid fan de striid tusken de Patriotten en de Oranjegesinde. It doarp Wurdum en ek de tsjerke wienen troch dy partijstriid gâns ferdielt. Dy waspjalt

wie ûntstien ûnder de foargonger fan ds Bruining, Ds Joh. Bulthuis. Dy wie fûl oranjegesind, dat wie de man syn folste rjocht fansels, mar hy behelle de polityk der sneins ek by op de stoel. Dêr ûntstie rûzje oer en de patriotsgeinden, wêrfan der yn ús doarp noch al wat wienen, bleaune thús fan tsjerke. Bulthuis krige in berop nei Snits, dêr is er letter ôfset fanwege syn oranje propaganda yn de preek. Bruining wie in hiel oar man, ik tink dat er gematigd patriot wie en al gau wie in grut part fan de heibel yn Wurdum wer oer.

Bruining hy hie trije soannen dy't wol dúdlik patriot wienen. De âldste sels fel, dy bewarre de wapens fan de patriotten op de souder fan de pastorijs!! Ds Bruining die net allinne yn Wurdum folle goeds, mar waard yn hiel Fryslân in grutte namme. De Herfoarme tsjerke waard nei de revolúsje de "befoarrjochte tsjerke" ôf. Katoliken, Menisten, Joaden en oaren krigen folle frijheid fan geloof. De steat woe ek net langer betelje oan de tsjerke. Letter is dat wer better wurden ek tanksij in Provinsjale Kommisje dêr't ds Bruining de man fan wie, Hy hat him doe út de naad wurke. Spitich dat sa'n grut man hjoed de dei alhiel fergetten is. Bruining waard wol de rêder fan de Herv. tsjerke yn Fryslân neamd.

Dan **Andele Hendriks**, as yn 1811 de achternammen ferplichte wurde nimt hy de namme Palsma oan. Andele wie ek gematigd Patriot en waard ta maire beneamd, in soarte fan boargemaster, oer it súdlike part fan Ljouwerteradiel dus ek fan Wurdum en Swichum.

In lyts ferhaaltsje oer him. #

Doe't Napoleon yn de knipe kaam rjochte er yn de lannen dy't er beset holde, de Garde d'honneur op. Jonges út belangrike famyljes waarden dêr foar oan wiisd om se as gizeler te brûken, Jacob in soan fan Andele Hendriks Palsma wie dêr ek by. Jacob gie op syn hynder en yn in prachtich unifoarm op reis nei it suden.

Hy skreau syn âlders brieven nei hûs oer de hiele reis, dy't geregeld libbens gefaarlik wie. Dizze brieven binne bewarre bleaun en wurde no yn Tresoar bewarre. Syn heit en oaren skreaunen him ek en Jacob bewarre dy yn de tas op syn hynder. Mar nimmen wist yn ús tiid wêr 't dy brieven belâne wienen.

Ik ha learaar skiednis west yn Ljouwert en fertelde dit ferhaal oan in klasse. In famke, út it laach fan Doeke Hellema, reagearre mei: "Die oude brieven hebben wij thuis meneer." Dat woe ik earst net leauwe mar it wie wol sa. No lizze ek yn Tresoar. Dêr leit ek it boekje dat Jochum en Minne oer deaventoerenn fan de Garde d'Honneur makke hawwe.

It jonkje fan 2 ½ jier **Gerlof Hooghiemstra** wie in soantsje fan de boer op, wat wy no Pleats 1812 neame.